

Ynhâldsopjefte

1. Foarwurd

Myn namme is Tineke Spoelstra en ik wenje mei myn man en trije bern yn Kollumersweach. Ik ha 10 jier wurkûnderfining as pjutteliedster op in pjutteboartersplak. Dêrneist haw ik wurke as tutor fan in groep pjutten dy't ekstra stipe yn harren ûntwikkeling brûke kinne.

It wurkjen mei bern is myn absolute passy, it starten fan in eigen deiferbliuw in dream dy't ik al in lange tiid hie. Nei in soad ûnderfining op oare plakken opdien te hawwen en mysels goed ferdjippe te hawwen yn wat ik krekt woe, koe ik troch in goed opboude leargong by Stichting Thuishuis myn eigen deiferbliuw opsette: thúshûs It Boefke! It is fantastysk om myn eigen ideeën en fisys yn 'e praktyk bringe te kinnen.

Thúshûs It Boefke befynt him yn in earder plysjeburo. It is in deiferbliuw mei BSO, dat sa ynrjochte is dat it in húslike en gesellige sfear hat. Der binne meardere hoekjes kreëarre dêr't de bern ôfsûnderlik faninoar boartsje kinne of just mei-inoar. De hiele romte strielet waarmte en rêst út. Omdat alle romten yn it bernedeiferbliuw hiel grut binne, hawwe de bern ek letterlik alle romte om te boartsjen, te rêsten en te iten. Neist de húslikheid steane beweging en natuer foarop.

Yn 'e bûtenromte fan thúshûs It Boefke is der dan ek in grutte boarters-ûntdektún, dy't oanlein is mei natuerlike, houten eleminten. Sa binne der houten stapstiennen makke dêr't de bern hearlik oerhinne springe kinne en der stiet ek in houten boartershúske. Fierder is der in wettertabel, in sânbak en in ôfbeakene romte om mei karren omride te kinnen. Ta beslút is der yn 'e tún fan thúshûs It Boefke in grientetún, dêr't wy mei-inoar omraak túnkje kinne!

2. Thúshûs It Boefke

2.1 Wat is in thúshûs?

In thúshûs biedt lytsskalige berne-opfang. Dat kin alderearst yn 'e foarm fan profesjonele gastâlderopfang. Dêrby wurde maksimaal seis bern opfong by de liedster oan of yn 'e hûs. Faak is der in aparte opfangromte foar de bern.

Dêrneist kin it ek yn 'e foarm fan in lytsskalich bernedeiferbliuw en/of bûtenskoalske opfang. De liedster is altyd eigner fan it thúshûs en is it fêste gesicht foar de bern.

Thúshûs It Boefke is in lytsskalich bernedeiferbliuw. Der wurdt ek bûtenskoalske opfang oanbean.

2.2 Wat docht Stichting Thuishuis foar my?

Thúshûs It Boefke is oansletten by Stichting Thuishuis. Dat is in franchise-organisaasje dy't de ûndernimmers fan 'e thúshuzen stipet yn harren wurksumens.

Yn Noard-Nederlân binne der sa'n fyftich thúshuzen oansletten by dy stichting. De stichting hâldt de ûndernimmers op 'e hichte fan 'e wet- en regeljouwing, soarget foar de fakturrearring oan 'e âlders en jout byskoalling en pedagogyske stipe.

Stichting Thuishuis jout my stipe dêr't ik dy nedich ha. Ik fyn dat hiel noflik, want sa kin ik my folslein rjochtsje op it wurkjen mei de bern. En dat is wat ik it leafste doch.

3. Fisys

Thúshûs It Boefke is rjochte op it yndividuele bern. Elk bern is unyk, hat fan oare dingen ferlet en ûntwikkelet him yn syn eigen tempo. De basis dêrfoar is dat it bern feiligens en waarmte ûnderfynt. Fan dêrút kin it nije ûnderfiningen opdwaan en fierder groeie yn syn of har selsbetrouwen en selsstannigens. Foaral bûten yn 'e natuer lizze kânsen om de

ûntwikkeling fan bern te stimulearjen. Troch bûten te wêzen, dogge bern mear sintúchlike prikkels op en dogge se op yntinsere wize ûnderfiningen op. Binnen boartsje de bern mei in fariearre en útdaagjend oanbod fan boartersguod fan natuerlike materialen (hout). Sa besykje ik binnen en bûten mei-inoar te ferbinen en sa wol ik bern yn thúshûs It Boefke sawol binnen as bûten ûntdekke litte en leare.

Doelstelling is om profesjonele opfang oan bern fan 0 oant 8 jier oan te bieden, dêr't it yndividuele bern sintraal by stiet. Dat dogge wy yn in feilige, waarme en húslíke omjouwing. Kwaliteit fan soarch en begelieding steane dêrby sintraal.

4. De opfiedingsdoelen

Yn thúshûs It Boefke wurdt wurke neffens de fjouwer opfiedingsdoelen fan professor Riksen-Walraven. Dy opfiedingsdoelen wurde troch de oerheid hantearre, mei as doel in ferantwurde berne-opfang. De doelen binne: it garandearjen fan emosjonele feiligens, it ûntwikkeljen fan persoanlike en sosjale kompetinsjes en de oerdracht fan wearden en noarmen. Yn dit haadstik sil fierder beskreaun wurde hoe't dy opfiedingsdoelen tapast wurde yn thúshûs It Boefke.

4.1 Garandearjen fan emosjonele feiligens

Elk bern is unyk en ûntwikkelet him op syn of har eigen wize, op betingst dat it bern him of har feilich fielt yn 'e omjouwing. It is belangryk dat dêr op ynspile wurdt, sadat der in fertrouwensbân mei it bern ûntstean kin. Sa krijt it bern de kâns om te ûntdekken en op ûndersyk út te gean.

Yn thúshûs It Boefke bin ik as liedster it fêste gesicht. Ik bin der altyd en dat biedt fertrouwen, feiligens en hâldfêst foar de bern. Alders en bern kinne dêrtroch in bân mei my opbouwe. Sa kin ik de winsken en wat se nedich hawwe, en wit ik hoe't ik it bêste reagearje en/of omgean kin mei elk bern. As in bern bygelyks oan it begjin fan 'e dei altyd wer efkes wenne moat, wit ik dat en kin ik it efkes by my op 'e skoat nimme om it gerêst te stellen. Dêrnei kin it bern dan lekker boartsje mei de oare bern. It is belangryk om yn it kontakt mei de bern responsyf te wêzen, goed te harkjen en op passende wize te reagearjen. Dat sil de fertrouwensbân fersterkje en it bern it sa belangrike feilige gefoel jaan.

Der wurdt yn thúshûs It Boefke wurke neffens in fêst deirítme. Troch te witten wat der komt, wurdt bern rêst bean en wurdt der foar in feilich gefoel soarge. Om dat te stypjen, wurde deirítmearten brûkt fan it projekt Sânglêsrige (dit binne programma's yn it Frysk). De bern sjogge hieltyd op 'e kaart wat der al bard is en hokker aktiviteiten noch folgje sille. Om it makliker te meitsjen, wurde dêr fêste rituelen by brûkt, lykas mei-inoar it ferske "smakelijk eten" sjonge foar't wy ite sille.

Foar bern binne fêste rituelen op in dei hiel belangryk. Dêrtroch witte sy wat der komme sil. De werkenbere en fertroude folchoarder biedt harren hâldfêst, wat soarget foar in feilich gefoel. Sa ferrint it heljen en bringen yn thúshûs It Boefke neffens in fêst patroan: de bern wurde begroete mei: "Wat moai datsto der bist" en "Wat hasto allegear mei?". Nei koart mei de âlders praat te hawwen, folget der in dúdlik ôfskiedsmomint, dat ek alle kearen wer op deselde wize ferrint.

Foar de BSO-bern jildt dat ek: wy begroetsje de bern mei "Wat hasto belibbe op skoalle?", "Wat hasto op skoalle dien?". As de BSO-bern harren ferhaal dield hawwe, kinne se boartersguod en spultsjes út 'e kast kieze. Dy kast is allinne foar de BSO-bern fan 4 oant 8 jier. Sa hawwe de BSO-bern harren eigen hoekje mei ferskate materialen en ûnderfíne se harren eigen stikje op 'e deiopfang. Dat biedt bern rêst en betrouwen. Thúshûs It Boefke brûkt in 'hinne-en-werskrift', dêr't yn stiet wat wy dy deis dien hawwe of wat der spilet. Sa binne de âlders ek op 'e hichte fan wat der bart. Alders kinne ek yn it skrift skriuwe wannear't der bysûnderheden binne. Sa slute de wrâlden fan it bern yn it thúshûs en thúsgoed op inoar oan. Dat sil in feilich gefoel by it bern stypje.

Omreden fan it lytsskalige karakter fan 'e opfang yn thúshûs It Boefke binne der faak bekende leeftiidsgenoatsjes op fêste deidielen. Bern kenne inoar dêrtroch meastentiids hiel goed en dat biedt in sfear fan betrouwen en feiligens.

De romten yn thúshûs It Boefke binne oersichtlik en bernfreonlik ynrjochte, sadat bern harren dêr feilich fiele. De yndieling stiet fêst en sil net faak wizige wurde. Dy foarspelberens biedt rêst. Wannear't in bern wit wêr't alles leit, sil it betrouwen krije, him/har feilich fiele en op ûndersyk út doare te gean.

Foar't it bern by thúshûs It Boefke komt, kom ik as fêste liedster op húsbesite. Sa kin ik de húshâlding kennen leare en sy my. Winsken, wensten en bysûndere behoeften kinne dan útwiksele wurde. De mooglikheden foar in passende wenperioade komme dan ek oan 'e oarder: in goed begjin biedt de kâns om fuort in goede bân mei-inoar op te bouwen en dat is goed foar de emosjonele feiligens fan in bern.

4.2 Untwikkeling fan persoanlike kompetinsje

Persoonlike kompetinsje ferwiist nei persoansskaaimerken lykas fearkrêft, selsstannigens en selsbetrouwen, fleksibiliteit en kreativiteit. Dat makket dat in bern by steat is om ferskate typen problemen adekwaat oan te pakken en him goed oan te passen oan feroarjende omstannichheden.

It is belangryk om te sjen nei wat elk bern nedich is en om dêrop yn te spyljen. Elk bern ûntwikkelet him yn syn eigen tempo. As fêste liedster ken ik alle bern goed en wit ik wat se nedich binne. Ik kin materiaal oanbiede dat krekt in bytsje dreger is as wêr't it bern al selsstannich mei boartet, sadat it op syn eigen nivo útdage en op passende wize stimulearre wurdt. Sa jou ik bygelyks gauris in puzzel dy't mear stikjes hat as de lêste puzzels dy't it bern makke hat. De earste kear dogge wy it dan tegearre, dêrnei slagget it miskien al selsstannich.

De romte yn thúshûs It Boefke is feilich en boartlik ynrjochte, op sa'n wize dat de bern folop de mooglikheid hawwe om te ûntdekken. Thúshûs It Boefke hat sûnt jannewaris 2016 in babygroep yn it libben roppen. Babys hâlde fan rêst, skjinnens en regelmaat, wylst in pjut derfan hâldt om frij te boartsjen. Omdat it foar in pjut noch dreech is om rekken mei-inoar te hâlden, is dat in moaie oplossing. Hiel faak kin dat goed mei-inoar, mar soms is it ek noflik dat je je mei de babys efkes weromlûke kinne, dêr't it wat rêstiger is. En mei twa liedsters op 'e groep is dat prima te realisearjen.

It thúshûs biedt geskikt spul- en boartersmateriaal foar bern fan 0 oant 8 jier. Dat materiaal stipet ferskillende ûntwikkelingsgebieten, lykas lichaaamlke ûntwikkeling, ferstanlike, sosjale en taalûntwikkeling. Thúshûs It Boefke wurket ek mei it tema 'Poppen en Krobben'. Dêr stiet yn beskreaun wat ik oanbiede kin oan 'e groep bern fan 0 oant 2 jier. Yn dy map kinne je aktiviteiten, rituelen, ferskes en lêsbouken weromfine, dy't by it tema passe. Sa kin ik ek ynspylje op 'e ûntwikkelingen fan bern fan 0 oant 2 jier.

Foar babys kin der troch in kled op 'e grûn in spesjaal plakje foarme wurde, dêr't se mei boartersguod boartsje kinne dat de sintugen prikelet, dêr't se yn knipe kinne, nei sjen kinne en dêr't se lûdsjes út hearre kinne. Yn 'e romte stiet ek in boks mei boartersguod foar babys; fierder binne der twa skommelstuollen.

Foar de gruttere bern binne der fêste hoeken, lykas in poppehoeke, bouhoeke, beweekhoeke en kreative hoeke; yn 'e poppehoeke binne poppen en der is in bedsje, in bernwein en in keukentsje. Dêr kinne de bern rollespullen dwaan, lykas "heity en memmy". Yn 'e bouhoeke kinne bern mei duplo en blokken bouwe; dat stimulearret it gearwurkjen en de fine motoryk. Foar it stypjen fan 'e motoaryske ûntwikkeling is der in beweekhoeke. Dêr is foar pjutten in krûptunnel te finen, dêr't se hearlik trochhinne krûpe kinne.

As de BSO-bern (fan 4 oant 8 jier) harren ferhaal nei skoalle dield hawwe, kinne se boartersguod en spultsjes út 'e kast kieze. Dy kast is allinne foar de BSO-bern yn 'e âldens fan 4 oant 8 jier. Sa hawwe de BSO-bern harren eigen hoekje mei ferskillende materialen, lykas lego, playmobil en mear, en ûnderfine se harren eigen stikje op 'e deiopfang.

Bûten kinne de BSO-bern fuotbalje, de bisten fersoargje, hutten bouwe en túnkje; sa falt der foar harren ek bûten in soad te belibjen en wurdt de rûge motoryk ekstra stimulearre.

De rûge motoaryske ûntwikkeling sil fierder stipe wurde troch bûten te draven, te kladderjen, te rôljen en op 'e fytsen en karren om te riden. Fierder liene de houtene stapstiennen yn 'e tún har derfoar om deroer hinne te rinnen en te springen. Ta beslút is der in kreative hoeke. Omdat de kreative ûntwikkeling faak fergetten wurdt, nimt dy in belangryk plak yn by thúshûs It Boefke. Dat hoecht net altyd yn nifelfoarm of mei in spesifyk doel opsetten te wurden, mar it is just de kreative ûntwikkeling fan it bern sêls dy't thúshûs It Boefke stimulearje wol. Oan 'e grutte tafel kin der ûnder oaren kleure, farve en mei klaai boarte wurde. Lyts materiaal en skjirren, lym en prikpinen steane heech. Bern moatte dêr earst om freegje, omreden fan 'e feiligens. Bern kinne troch it nifeljen harren fantasy kwyt en ûntwikkelje de fine motoryk. De wurkjes en kreaasjes fan 'e bern krije in moai plakje yn it thúshûs, sadat elkenien se sjen kin.

Yn 'e bûtenromte binne in sânbak en wettertafel te finen. Sân en wetter prikelje de fantasy en de fine motoryk.

Foar de taal- en tinkûntwikkeling wurdt yn thúshûs It Boefke de metoade Sânglêsrige brûkt. Dêr wurde ferskate tema's yn oanbean, lykas bygelyks de seizoenen. Wy sjonge dan ferskes en lêze boekjes dy't by it tema hearre. Fierder wurdt der ûnder de tafelmominten in soad praat oer persoanlike foarfallen fan 'e bern. De jongste bern dy't net sitte kinne, sitte dan yn 'e sitferlytsers en belibje dat ek mei. Dêrneist leare bern troch imitaasjgedrach fan sawol my (as folwoeksene op 'e groep) as fan leeftiidsgenoaten.

It measte boartersguod yn it thúshûs sit yn lege kasten, sadat de bern der sels by kinne. De bern leare dêrtroch om sels te kiezen en te pakken; dat fergruttet harren selsstannigens. Boartersguod foar gruttere bern mei lytsere ûnderdielen stiet foar de feiligens heger opsteld.

Yn thúshûs It Boefke binne op ferskate deidielen faak bekende leeftiidsgenoatsjes oanwêzich. Just omdat de bern inoar goed kenne, witte se fan inoar wat se kinne en leuk fine. Dêrtroch boartsje se de oare kear faak fierder wêr't se de foarige kear bleaun wienen en dat ferheget it nivo fan it spul. Sa hawwe se miskien de iene dei mei duplo boarte en in moai hûs makke, en geane se dêr de oare deis mei fierder, troch der minsken by te setten, in tún, en mear. Se hoege net mear ôf te taasten wat de oar leuk fynt, mar witte dat al fan inoar en boartsje fierder.

Neist it feit dat bern fan inoar leare yn it spul, stypje se inoar ek by it selsstannich wurden. De âldere bern jouwe jongere bern it foarbyld yn bygelyks it selsstannich oanlûken fan 'e jas, it sels iten of it sinlik wurden. Wannear't in âlder bern nei it húske giet, sjogge de jongere bern mei en wolle dat miskien ek wol in kear besykje.

4.3 Untwikkeling fan sosjale kompetinsje

Dat begryp omfettet sosjale kennis en feardigens, bygelyks it jin yn in oar ferpleatsen, konflikten tefoarren komme en oplosse en it ûntwikkeljen fan sosjale ferantwurdlikheid. In bern yn in groep kin ûnderfine hoe't it is om mei oare bern te boartsjen en elkoar te helpen. It leart om rekken te hâlden mei de oar en ûntdekt dat 'mei-inoar dingen dwaan' leuk is.

As fêste liedster fan thúshûs It Boefke soargje ik derfoar dat de bern leare om mei-inoar te boartsjen yn lytse groepkes, bygelyks yn 'e bou- of poppehoeke. Troch se yn harren spul te stypjen, ûnderfine de bern hoe noflik it is om mei-inoar te boartsjen en rekken mei elkoar te hâlden. Dy stipe uteret him troch de bern te learen om aardich tsjin inoar te dwaan (bygelyks troch dúdlik te meitsjen dat in bern freegje kin oft er ek mei it boartersguod boartsje mei yn stee fan om it ôf te pakken), troch te dielen (bygelyks om bar) en mei-inoar te ûntdekken (elkenien mei meidwaan).

Bern hawwe altyd grinzen nedich wat wol en net mei en se witte dan dat se dêrbinnen frij bewege kinne. Sa binne "inoar gjin sear dwaan" en "net tsjin inoar skreauwe" foarbylden fan ôfspraken dêr't wy ús allegear oan hâlde.

Ik jou de bern de mooglikheid om binnen de makke ôfspraken sels oplossingen te finen en karren te meitsjen yn harren kontakt mei oaren. Wannear't dat ta konflikten liedt, besykje ik om it de bern earst sels oplosse te litten. As dat net slagget, dan help ik harren dêrby. Wy sjogge dan mei-inoar wat elkenien graach wolle soe en betinke dan

mei-inoar in goede oplossing. Sa kin it wêze dat alle bern mei deselde auto boartsje wolle; in oare auto derby pakke dy't derop liket, kin dan in oplossing wêze. Dan kinne bern fierder yn harren spul.

Troch te learen om op in noflike wize mei-inoar om te gean, fielt elk bern him respektarre. As fêste liedster soargje ik derfoar dat ik hieltyd it goede foarbyld jou yn it kontakt mei de bern en jou ik de bern hieltyd komplimintsjes foar harren positive gedrach troch dat hieltyd wer te beneamen.

Neist de mooglikheden om yn lytse groepkes te boartsjen, soargje ik ek foar groepsaktiviteiten. De romte biedt dêr foldwaande mooglikheden foar. Sa ite en drinke wy mei-inoar oan tafel. Wy besykje om dy mominten safolle mooglik mei de hiele groep te belibjen, dus de alderlytste bern sitte yn 'e stoelferlytser oan tafel en soms yt in baby in fruihapke mei op 'e skoat. Ik besykje om ûnder dy mominten de bern byinoar te belûken troch petearkes te fieren en dat ek te stimulearjen tusken de bern. Dat jildt ek foar de BSO-bern: as sy út skoalle komme, soargje wy derfoar dat sy diel útmeitsje fan 'e groep. Sy kinne dan harren ferhaal kwyt, bygelyks oer wat sy op skoalle belibbe hawwe.

Fierder biedt de binnenromte in mooglikheid ta it mei-inoar gymnastykjen en de bûtenromte ta it mei-inoar bûten boartsjen. Yn 'e tún is in grientetún dêr't wy mei-inoar túnkje kinne en ús ferwûnderje kinne oer de lytse bistkes dy't der binne en de plantsjes dy't der groeie! Dêrneist kuierje wy wol gauris mei de hiele groep of meitsje wy in útstapke nei de bakker yn 'e buert. Wy hawwe dan fêste ôfspraken en rituelen dy't wy as groep allegear kenne. Sa ûntstiet it gefoel fan "wy hearre byinoar en dogge dit altyd sa".

4.4 Oerdracht fan noarmen en wearden

Bern moatte de kâns krije om har de wearden en noarmen, de 'kultuer', eigen te meitsjen fan 'e mienskip dêr't sy yn libje. Sa kinne sy dêr letter goed mei omgean. In thúshûs biedt in bredere mienskip as in húshâlding. Bern komme sa yn oanrekking mei ferskillende uteringen fan kultuer dy't by ús mienskip hearre.

Yn thúshûs It Boefke binne noarmen en wearden hiel belangryk. Dat wol sizze hoe't wy hjir mei-inoar omgeane. As fêste liedster fan thúshûs It Boefke lear ik de bern dat der regels en rituelen binne: wat wol kin en wat just net.

Wy hawwe in pear belangrike ôfspraken mei-inoar makke. It is oantoad dat wannear't der mei de bern regels opsteld wurde, dat better wurket yn 'e praktyk. Foar myn gefoel fersterket it ek de bân dy't wy mei-inoar ûntwikkelje. In pear belangrike regels binne: *gjin boartersguod ôfpakke en inoar net sear dwaan*. Dy fêste 'húsregels' wurde konsekwint en dúdlik tapast en de lieding soarget der hieltyd wer foar dat de regels útlein wurde en wat der fan it bern ferwachte wurdt. Fierder meie alle bern wêze wa't se wêze wolle. Bern meie harren grinzen oanjaan. Wannear't in bern earne echt net oan meidwaan wol, dan hoecht dat ek net.

As fêste liedster jou ik dêrby sels it goede foarbyld. Dêrneist sil ik, wannear't in bern muoite hat om him of har oan 'e regels te hâlden, fertelle wat it winske gedrach fan it bern heart te wêzen. As it bern dat dêrnei opfolget, sil ik in beleaning yn 'e foarm fan in komplimint jaan, troch te beneamen dat it no hiel goed gien is en dat ik dat hiel noflik fyn. Neist it beleanjen sil ik it gedrach fan 'e bern korrizjearje as se echt net harkje. Yn thúshûs It Boefke krijt in bern yn dat gefal earst twa warskôgingen en by de tredde kear in time-out. It bern wurdt dan op in stuoltsje setten en moat dêr dan efkes sitten bliuwe. Nei in pear minuten freegje ik it bern wêrom't it op it stuoltsje sitte moast en fertel dan wat it winske gedrach fan it berntsje heart te wêzen. Meastentiids wurdt dat oannommen troch it bern. Mocht dat net it gefal wêze, dan werhelje ik wat ik fan it bern ferwachtsje en sil oanjaan dat it noch efkes sitten bliuwe moat oant dat hy/sy wer harket.

As liedster soargje ik derfoar dat ek de babys belutsen wurde by it boartsjen en it kontakt mei de oare (âldere) bern. Troch mei de baby te sjen nei it spul, te beneamen wat der bart en eachkontakt te meitsjen, hearre sy der ek echt by. By ferskjinmominten soargje ik foar eachkontakt, ik beneam alle hannelingen en fertel wat ik dwaan sil. Aldere pjutten en BSO-bern wurde belutsen by dy mominten as se dat leuk fine. Sy meie my

helpe en ik soargje derfoar, troch de hannelingen te ferwurdzjen, dat de bern ek echt yn kontakt mei-inoar komme.

Yn thúshûs It Boefke fiere wy ek feesten mei byhearrende rituelen. Wy libje yn in multykulturele mienskip dêr't allegear ferskillende feesten en rituelen plakhawwe.

Thúshûs It Boefke wol dêr op in paste wize op ynspylje. Mochten der bern wêze mei in oare kulturele eftergrûn, dan moatte dy feesten ek fierd wurde kinne. As dat teminsten yn thúshûs It Boefke mooglik is.

Foar it tiidsbesef wurdt omtinken jûn oan 'e seizoenen as tema. Dêrneist wurde feesten as Sinteklaas, de Krystdagen, Peaske, Heite- en Memmedei en de eigen jierdeis yn alle gefallen fierd yn thúshûs It Boefke.

De neamde feesten wurde neffens bekende rituelen fierd. By in jierdei fan in bern komt de âlder del om mei ús de jierdei te fieren: der wurdt songen en op muzykynstruminten spile. Ek wurdt de taart mei (nep)kearskes útblaasd en mei it bern de traktaasje oan alle bern útdiele.

5. De wurkwize

Yn dit haadstik wurdt beskreaun hoe't thúshûs It Boefke te wurk giet.

5.1 Groepsgerstalling

Yn 'e groep kinne maksimaal 10 bern tagelyk opfong wurde yn 'e âldens fan 0 oant 8 jier. De gearstalling fan 'e groep kin op in dei wizigje; de âldens en it oantal bern kinne dus foar beide deidielen wer oars wêze. Der sil dêrby hieltyd hannele wurde neffens de wetlike rjochtlinen oangeande de liedster-bernratio. Mei help fan www.1ratio.nl wurdt hieltyd sjoen oft it oantal bern mei byhearrende âldens troch 1 of 2 liedsters opfong wurde kin.

Ekstra deidielen

Boppeneamde wurkwize jildt ek foar fersiken fan âlders foar it ôfnimmen fan ekstra deidielen bûten it ôfsletten kontrakt. Hieltyd sil sjoen wurde oft der mooglikheden binne. De liedster-bernratio (PKR) sil hieltyd rieplachte wurde.

It roaster fan 'e oanwêzige bern en lieding wurdt alle dagen hiel krekt byhâlden, sadat dat dúdlik is. Trochdat wurke wurdt mei fêste gesichten op 'e groep, sil by ôfname fan ekstra opfang altyd in foar it bern fertroude liedster oanwêzich wêze.

5.2 Deiyndieling

De deiyndieling wurdt oan 'e hân fan deiritmekaarten dúdlik oan 'e bern toand en opfolge, mei as doel om it foar de bern sa oersichtlik mooglik te meitsjen wat wy hieltyd dwaan sille. De deiyndieling fan thúshûs It Boefke sjocht der sa út:

6.30 oere oant 8.30 oere	Frij boartsjen.
8.00 oere	De BSO-bern nei skoalle bringe.
8.30 oere oant 9.00 oere	Foarlêze.
9.00 oere oant 9.30 oere	In beweechaktiviteit.
9.30 oere	Fruit ite, fersoarge troch thúshûs It Boefke.
10.00 oere oant 11.00 oere	Bûten boartsje.
11.00 oere oant 11.25 oere	Frij boartsje, opromje.
11.30 oere	Tafel klearmeitsje.
11.45 oere	Lekker ite, opromje.
12.30 oere	De lytse bern op bêd bringe.
13.00 oere	Mei de oare bern nifelje of bûten boartsje.
14.30 oere / 15.00 oere	Drinke mei in koekje.
15.30 oere	De lytse bern fan bêd helje/de BSO-bern fan skoalle helje.
15.45 oere oant 16.30 oere	Frij boartsje of kuijerje.
16.30 oere oant 17.00 oere	Spultsjes.
17.00 oere oant 17.45 oere	Tafel klearmeitsje en ite, opromje.
18.00 oere oant 18.30 oere	Frij boartsje, bern wurde ophelle.

It deiritme wurdt fleksibel brûkt. As bern bygelyks leuk en ûntspannen dwaande binne, wurdt dêr ekstra tiid foar jûn. De oergongen tusken de mominten wurde beneamd. Sa krije alle aktiviteiten foar de bern in dúdlik begjin en ein en wurdt de situaasje foar bern begrypber. Mei help fan 'e deiritmekaarten wurdt dat stipe.

Selsstannigenskontrakt

Der wurdt mei de âlders fan BSO-bern oerlein wat harren bern selsstannich kin en mei, bygelyks allinne fan skoalle komme, mei freontsjes boartsje, allinne nei hûs gean, en sa mear. Dy ôfspraken wurde fêstlein yn in selsstannigenskontrakt en oanpast as in bern oan mear selsstannigens ta is.

5.3 Iepeningstiden

Thúshûs It Boefke is iepen fan moandei oant en mei tongersdei fan 6.30 oere oant 18.30 oere.

5.4 Fieding

Yn thúshûs It Boefke wurdt farsk fruit en farske bôle mei-inoar oan tafel iten. Dat fine wy hiel belangryk. De bern kinne sels kieze wat se dy deis ite wolle en kinne. Fan oardel jier ôf soarget thúshûs It Boefke foar it iten. Flessefieding jouwe de âlders sels mei.

5.5 Sliepe

Yn thúshûs It Boefke is in fêste sliepkeamer dêr't seis bern yn sliepe kinne. Alle bern hawwe harren eigen bedsje en sliepguod, mar ek har eigen sliepritme. Ik pas my oan 'e bern oan: it iene bern sliept koart en it oare bern sliept langer. Ik fyn it belangryk dat alle bern krije wat se nedich binne: as in bern ferlet hat fan sliep, dan is dat mooglik. Foar babys wurdt yn goed kontakt mei de âlder soarge dat, as dat winske is, it sliepritme oanslút by it ritme fan thús. By it heljen en bringen wurdt dy ynformaasje mei de âlder bepraat.

Aldere bern geane mei yn it ritme en kinne ûnder it sliepen fan 'e jongste bern oare aktiviteiten ûndernimme.

5.6 Sykte

Yn thúshûs It Boefke folge wy it protokol dat wannear't in bern heger as 38,5 °C koarts hat, de âlder fersocht wurdt om it sike bern op te heljen, sadat it bern yn syn feilige omjouwing better wurde kin en oare bern net besmette kin.

Mocht it bern thús al siik wêze, dan wurdt ferwachte fan 'e âlders dat sy it sike bern thúshâlde. Thúshûs It Boefke hat yn 'e protokollemap in oersjoch dêr't alle sykten yn beskreaun steane dy't foarkomme by bern fan 0 oant 4 jier. Mocht der in besmetlike bernesykte hearskje, dan wurde alle âlders op 'e hichte brocht. Foar it jaan fan medisinen op 'e opfang, wurdt earst mei de âlders in medikaasjeferklearring ynfolle en ûndertekene.

5.7 Aktiviteiten bûten thúshûs It Boefke

Yn thúshûs It Boefke meitsje wy gauris lytse, deistige útstapkes, lykas nei de buorkerij oan 'e Schoolstraat yn it doarp, nei de bakker op 'e hoeke oan 'e Leeuwerikstraat, nei de grienteman yn it sintrum of nei it hartekamp om de hartsjes bôle te jaan. As help sil in fêste frijwilliger of in stazjêre dêrby oanwêzich wêze.

Alle jierren organisearret thúshûs It Boefke in gruttere aktiviteit, lykas in âlderjûn of in dei fuort. Foar dat lêste útstapke sille oare folwoeksenen, lykas âlders en de fêste frijwilligers of stazjêres, stipe biede. De âlderkommisje sil belutsen wurde by it organisearjen fan dy mominten.

6 Kontakt mei âlders

Thúshûs It Boefke hat as misje om op persoanlike wize om te gean mei de âlders en de bern. It kontakt mei-inoar fynt thúshûs It Boefke hiel belangryk. Mei persoanlik kontakt en omtinken foar it bern biedt thúshûs It Boefke in feilich lear- en ûntdekplak.

6.1 Yntake en pleatsing

Thúshûs It Boefke stiet foar in feilich gefoel by it bern. Wannear't âlders it thúshûs besjoen hawwe en ynteressearre binne, gean ik as liedster ek op húsbesite by harren, sadat ik de húshâlding kennen leare kin en sy my. Winsken, gewoanten en bysûndere ferletten kinne dan útwiksele wurde. Der wurde ûnder dat yntakeproses ek konkrete ôfspraken makke oer de opfang en wenperioade fan it bern. By de yntake krije de âlders it ynformaasjeboekje mei alle ôfspraken dy't jilde yn thúshûs It Boefke. Se wurde wiisd op it klachterjocht en op 'e funksje fan 'e âlder-kommisje. Se wurde ek wiisd op it pedagogysk beliedsplan en it ynspeksjerapport dêr't de aktuele ferzje fan op 'e webside te finen is.

6.2 Wenperioade fan it bern

Thúshûs It Boefke hantearret in wenperioade, dêr't de âlders earst in oerke "meidwaan" meie, sadat se ûnderfine kinne hoe't it giet yn thúshûs It Boefke. Dêrnei kin it bern bygelyks twa oerkes allinne komme te boartsjen, sadat it bern fierder wenne kin. Elk bern hat syn eigen ferlet en thúshûs It Boefke fynt it belangryk om it bern yn 'e mjitte te kommen. It wennen is dan ek in yndividueel proses en yn oerlis mei de âlders sil tuskentiids hieltyd wer besjoen wurde yn hokker tempo en op hokker wize it wenproses it bêste fierder ferrinne kin foar harren bern.

6.3 Kontaktmominten

Thúshûs It Boefke fynt it kontakt mei âlders hiel belangryk; dat foarmet de basis fan ús hanneljen. Yn it belang fan it bern is in goede kommunikaasje tusken âlders en fersoargers en mysels as fêste liedster in pree.

Thúshûs It Boefke hat kontakt mei âlders by it bringen en heljen fan harren bern: der wurdt frege nei it wolwêzen fan it bern en der wurde eventueel fan beide kanten fragen steld. Yn 'e skriftkes kinne âlders lêze wat de bern dy deis dien hawwe, wat se iten hawwe en hokker bysûnderheden der binne. Dat docht thúshûs It Boefke oant it bern oardel jier is. Dêrnei wurdt in kollaazje makke fan nifelwurkjes, foto's en ferhaaltsjes: alles wurdt yn in map byhâlden, salang't it bern op thúshûs It Boefke bliuwt en dêrnei wurdt it mejûn oan it bern en de âlders.

Alle trije moannen krije âlders en fersoargers in nijsbrief mei. Dêr wurdt yn fermeld wat de aktiviteiten fan thúshûs It Boefke west hawwe, wat der noch komme sil en oar nijs. De webside fan thúshûs It Boefke is altyd bywurke mei in soad ynformaasje. Der wurde gauris foto's fan 'e bern oan 'e âlders en fersoargers maild. Fierder kinne âlders en fersoargers mei thúshûs It Boefke in ôfspraak meitsje as der fragen, soargen of meidielingen binne. Alle jierren organisearret thúshûs It Boefke aktiviteiten, lykas in âlderjûn of in útstapke.

6.4 Evaluaasjes

Nei 6 wiken opfang fynt der in evaluaasjepetear plak mei de âlders. Der sil dan bepraat wurde hoe't de opfang de earste perioade ferrûn is. Dêrnei sil alle jierren in âlderpetear folgje, om de ûntwikkeling en it wolwêzen fan it bern yn 'e opfang te bepraten. Dêr wurdt, ôfhinklik fan 'e âlders fan it bern, de observaasjemetoade Pravoo bernefolchsystem (0-4 jier) en de metoade "Welbevinden" (4-8 jier) foar brûkt. Op in oar stuit kin ik, by eventuele soargen, de bern observearje om te witten hoe't harren ûntwikkeling ferrint. Ik brûk dêr de metoade "Observatie en spelbegeleiding" foar; dêr haw ik sertifikaten foar behelle. Mocht it nedich wêze, dan kin ik ekstra stipe biede op 'e folgjende ûntwikkelingsmêden:

1. Lichaamlike ûntwikkeling (motoryk);
2. Sosjaal-emosjonele ûntwikkeling;
3. Kognitive ûntwikkeling;
4. Kreative ûntwikkeling;

5. Untwikkeling fan identiteit en selsbetrouwen.

6. Bewegen stiet sintraal (mei bewegingsmateriaal wol ik mei de bern fan 0-4 jier alle dagen ekstra bewege).

6.5 Alderkommisje

Thúshûs It Boefke stelt in âlderkommisje gear troch âlders aktyf te benaderjen mei de fraach oft se meitinke wolle yn 'e âlderkommisje. De âlderkommisje moat út op syn minst 2 (by foarkar 3) âlders bestean. Dy komisje mei advys útbringe oer alle foarnommen besluten fan it thúshûs, lykas it pedagogysk belied, algemien belied op it mêd fan opfieding, feiligens en sûnens, de iepeningstiden en mear. Foar fragen oer in âlderkommisje kinne âlders kontakt opnimme mei de liedster fan thúshûs It Boefke. De âlderkommisje bestiet no út twa persoanen, nammentlik Hendrik Leegstra en Janneke v/d Galien. De âlderkommisje hat ek in ûnôfhinklik e-mailadres makke, sadat âlders neutraal advys of meidielingen diele kinne mei de âlderkommisje.

6. Kwaliteit en organisaasje

7.1 Lieding en persoanen

As fêste liedster fan thúshûs It Boefke haw ik, Tineke Spoelstra, in SPW 3-oplieding mei goed gefolch ôfmakke. Ik haw ek ferskate kursussen dien; sa besit ik sertifikaten fan "Spelbegeleiding", "Observeren van kinderen", "Een jongen is geen meisje", "De piramidetraining" en fan 'e "Raaktraining" oer bernemishanneling. Ta beslút beskik ik oer in jildich berne-EHBO-diploma. Ik ha mear as 10 jier ûnderfining yn it wurkjen op in pjutteboartersplak. Dêrneist haw ik pjutten stimulearre dy't ekstra stipe nedich wienen yn harren ûntwikkeling.

De fêste liedster Selma de Haan beskikt ek oer in jildige SPW 3-oplieding. Troch it skoallingsoanbod sil Selma ek alle oare kursussen folgje. Sa kin sy de bern ek hieltyd direkter stimulearre yn harren ûntwikkeling. Selma is as fêste liedster moandeis, woansdeis en tongersdeis oanwêzich en hat sels in famke.

7.2 Feiligens en hygiëne

Thúshûs It Boefke foldocht oan alle easken fan Stichting Thuishuis, de GGD en de brânwacht. Thúshûs It Boefke is foarsjoen fan in goedkarde en brânfeilige omjouwing. Der hingje oeral reekmelders en der binne brândwêsters oanwêzich. Der binne twa needútgongen dy't oantsjuten wurde mei in flechtrûte. Ik haw in ûntrommingsplan en ienris yn it jier hâlde wy in ûntrommingsoefening yn thúshûs It Boefke. Dy wurdt alle jierren fêstlein yn in jierplanning en sa ek byhâlden.

Thúshûs It Boefke hat materialen (lykas bernebêden, bernestuollen, bank, yttafel en kommoade) mei in karmark mei feiligenssertifikaat. Stopkontakten, radiatoaren, waarm wetter, medisinen en himmelguod binne ôfsletten foar de bern. Wy wurkje mei dúdlike ôfspraken dy't beskreaun steane yn ús húsregels en protokollen.

Alle jierren fiert thúshûs It Boefke in risikoynventarisasje út. Dy list wurdt ynfolle en byhâlden en yn in koart ferslach taljochte. Alle jierren fiert de GGD in ynspeksje út. Yn thúshûs It Boefke wurdt neffens in roaster himmele. Dat jildt foar de romten sels, mar ek foar it boartersguod en bêdeguod.

De bern waskje de hannen nei't se op it húske west hawwe, nei't se bûten boarte hawwe en foar it iten. Sels waskje ik de hannen foar en nei it ferskjinjen. Ik meitsje dan ek alle kearen it plak dêr't ik it bern ferskjinne ha wer skjien. Alle bern hawwe in eigen doekje om de noas en mûle skjien te hâlden en in eigen spien.

Alle ôfspraken en de wurkwize fan thúshûs It Boefke oangeande feiligens en sûnens steane beskreaun yn it feiligensbelied en sûnensbelied en yn 'e húsregels foar persoanen, bern en âlders. Der binne ek húsregels opsteld yn ferbân mei de bisten, lykas de hinnen en de knyn.

7.3 Efterwacht en ferfanging

Thúshûs It Boefke hat in oantal efterwachten dy't yn gefal fan in kalamiteit yn in pear minuten op lokaasje wêze kinne. It giet om ús mem, frou I. de Haan, en myn suske, S.

De Haan. Dy efterwachten komme faak del yn it thúshûs, sadat it fertroude persoanen binne foar de bern. By sykte binne der in pear fêste ferfangers dy't belle wurde kinne. Sy hawwe ûnderfining en de goede diploma's.

Ta beslút komt der yn thúshûs It Boefke gauris in fêste frijwilliger, Yvonne Veurman. Sy hat jierrenlang ûnderfining mei it wurk op in pjutteboartersplak en sil my helpe by ferskate wurksomens, lykas it mei-inoar iten, kreative aktiviteiten mei de bern en útstapkes nei de grienteman, bakker of buorkerij. As frijwilliger stiet sy nea allinne op 'e groep. Der is moandeis en tiisdeis ek in stazjêre oanwêzich. De stazjêre is 5 oeren deis as help oanwêzich. De stazjêre docht de oplieding "Helpende Welzijn" oan 'e Friese Poort yn Ljouwert.

7.4 Protokollen

Klachten

As der klachten binne oer saken dy't yn thúshûs It Boefke plakhawwe, fersykje wy jo om dat te bepraten mei de eigenares fan it thúshûs. Wy sille ús uterste bêste dwaan om de klacht mei jo op te lossen. As dat winsklik is en ôfhinklik fan 'e aard fan 'e klacht, kin der in bemiddeljende rol wêze foar Stichting Thuishuis, de franchise-organisaasje dêr't dit thúshûs by oansletten is. De wurkwize oangeande klachten by it thúshûs is fêstlein yn it ynterne klachtereglemint dat jo op 'e webside fan jo thúshûs fine kinne.

Jo kinne fansels ek streekrjocht kontakt opnimme mei it klachteloket "Geschillencommissie Kinderopvang", dêr't thúshûs It Boefke by oansletten is. Op www.klachtenloket-kinderopvang.nl kinne jo online jo klacht yntsjinje of telefoanysk kontakt opnimme fia 0900-1877 (€ 0,20 foar in petear).

Mear ynformaasje fine jo op:

www.degeschillencommissie.nl/consumenten/onderwerpen/overzicht/kinderopvang

Meldkoade

Yn thúshûs It Boefke is in meldkoade foar bernemishanneling oanwêzich, dêr't in protokol yn fêstlein is dat (oantoanber) folge wurdt yn gefal fan in (fermoeden) fan bernemishanneling en/of seksueel misbrûk. Dat fermoeden kin gean oer de thússituaasje fan it bern of oer de opfangsituaasje. Dy meldkoade kinne âlders ynsjen op thúshûs It Boefke.

Fjouwereageprinsipe

It fjouwereageprinsipe betsjut dat der altyd ien meisjen of -harkje kinne moat om de feiligens fan bern, mar ek de kwaliteit fan opfang, garandearje te kinnen. Yn thúshûs It Boefke wurdt by de ynfolling fan it fjouwereageprinsipe rekken hâlden mei de foarspelberens, mooglikheden en de frekwinsje dat de liedster allinne op 'e groep is. It belied oangeande it fjouwereageprinsipe wurdt alle jierren mei de âlderkommisje bepraat en evaluearre. Yn thúshûs It Boefke binne dizze maatregels nommen om dat prinsipe yn 'e mjitte te kommen:

- Alderearst komt de lytsskalige opset de ynfolling fan it fjouwereageprinsipe yn 'e mjitte. Trochdat der hieltyd direkt kontakt is tusken âlders en de ûndernimmer fan thúshûs It Boefke, binne der koarte lyntsjes yn 'e kommunikaasje, dy't in iepen oansprekkultuer befoarderje. Der wurdt op dy wize soarch droegen foar in sfear dêr't elkenien inoar oansprekke kin en iepen nei inoar wêze kin.
- Yn thúshûs It Boefke jilde fleksibele opfangtiden, mei as gefolch dat der ûnderskate bring- en heltiden binne. Op ferskate mominten fan 'e dei kinne âlders yn- en útrinne.
- Alders wurde by de yntake fan harren bern fuort ynformearre oer it fjouwereageprinsipe, de oanwêzigens fan 'e meldkoade bernemishanneling en de iepen kultuer en kommunikaasje dêr't nei stribbe wurdt.
- Op opfangdagen sil altyd oanjûn wurde wa fan 'e liedsters dy spesifike dei op 'e groep oanwêzich wêze sil en oft de frijwilliger, eventuele stazjêres of in efterwacht dy deis delkomme sil.

- De âlderkommissje wurdt op 'e hichte brocht en hâlden fan 'e ynfolling fan it fjouwereageprinsipe. Sawol yn 'e gearkomsteferslaggen as yn 'e nijsbrieven fan thúshûs It Boefke binne de makke ôfspraken altyd werom te lêzen.
- Der sille geregeldwei stazjêres yn thúshûs It Boefke wêze; sy binne op 'e hichte fan 'e oanwêzigens fan 'e meldkoade bernemishanneling en de ynhâld dêrfan. Dat jildt ek foar fêste ferfangsters. De ûndernimmer hat in training meldkoade folge.
- De fêste frijwilliger is hast alle dagen yn thúshûs It Boefke oanwêzich.
- Thúshûs It Boefke leit oan 'e strjtkant, mei grutte iepen ruten. Elkenien dy't delrint, kin nei binnen sjen en sjen wat der binnen bart.

6.5 Fersekeringen

Thúshûs It Boefke hat alle relevante fersekeringen ôfsletten. Alders binne ferplichte om in AVP ("Aansprakelijkheidsverzekering voor particulieren") ôf te sluten. As in bern skea feroarsaket, falt dat ûnder de AVP fan 'e âlders.

7.6 Sinjlearjen fan bysûnderheden yn 'e ûntwikkeling

Rjochte op 'e ûntwikkeling

Yn thúshûs It Boefke soargje ik foar in sfear fan waarmte en feiligens, troch as fêste en sensitive fersoarger oanwêzich te wêzen, goed te harkjen en adekwaat te reagearjen op alle bern. Mei dy feiligens krijt it bern de kâns om te boartsjen, de wrâld te ûntdekken en syn eigen grinzen te ferlizzen. Der wurdt rekken hâlden mei de eigenheid fan elk bern. Elk bern ûntwikkelet him op syn eigen unike wize, yn syn eigen tempo en mei syn eigen ynteresses. Ik soargje foar it oanbieden fan kondysjes foar it spul en foar foldwaande oanbod fan aktiviteiten en spulmateriaal, dat by de âldens en ynteresse fan elk bern oanslút. It boartersguod yn thúshûs It Boefke is útnûgjend foar de fantasy en stimulearret ferskate aspekten fan 'e ûntwikkeling, lykas de lichaaamlke ûntwikkeling (fine en rûge motoryk) en de kognitive en sosjaal-emosjonele ûntwikkeling. Troch op alle mêden hieltyd útdaging en foarútgong te meitsjen, sil úteinlik it selsbetrouwen en de selsstannigens fan bern grutter wurde. Om dat te stimulearjen, brûke wy yn thúshûs It Boefke de EES-metoade. Dat is in stimulearringsprogramma dat by it Pravoo bernfolchysteem heart. Mei dat programma wurdt alle dagen stimulearring en begelieding bean. Bygelyks: **Utdaagje**: ik set boartersguod fan it bern in bytsje fan it bern ôf, sadat it him der nei ta bewege moat om it pakke te kinnen. **Oantrúnje**: ik sis tsjin it bern "no do" of "besykje it mar". **Utlokje**: ik lokje it bern út troch it efternei te sitten of troch wat ôf te pakken en te sjen hoe't it bern dêrop reagearret.

Foardwaan en neidwaan: ik sis tsjin it bern "doch my mar nei", "no do", "dochsto it mar". Belangryk by it stimulearjen is dat ik dat oanbied mei in soad entûsjasme. It bern moat sjen dat ik bliid wurd fan wat it bern docht, ik beleanje mei klappen en laitsjen. De earderneamde ûntwikkelingsmêden wurde mei dy metoade op strukturele en ferdjipjende wize ekstra stipe en stimulearre. Efterstannen yn 'e ûntwikkeling fan bern kinne mei dy wurkwize safolle mooglik tsjingien wurde.

Observearjen, sinjlearjen

Twa kear yn it jier wurdt op fêste mominten in observaasje útfierd om in bern te folgjen yn syn of har ûntwikkeling. Sa kinne bysûnderheden op 'e tiid sinjlearre wurde. Foar de observaasjes fan 'e bern fan 0 oant 4 jier wurdt it Pravoo bernfolchysteem brûkt. **Diel a** is foar bern fan 0 oant 2,5 jier en **diel b** is foar bern fan 2,6 oant 4 jier. Dy observaasje dogge wy digitaal en sil útfierd wurde as der twa liedsters op 'e groep binne. Der is dan alle tiid foar sawol de observaasje as foar de oare oanwêzige bern. Ut in inkelde observaasje kin bliken dwaan dat in bern efterrint yn in ûntwikkelingsmêd. Dat is in sinjaal om it bern ekstra yn 'e rekken te hâlden. Omdat it bern jong is en de ûntwikkeling noch wikselje kin, wurde yn dy faze gjin ferfolchstappen ûndernommen. Foar de observaasjes fan 'e BSO-bern fan 4 oant 8 jier brûke wy de metoade "Welbevinden". De liedsters folje dêr in observaasjelist foar yn. Dêrneist kin it bern sels

ek in list ynfolje oer oft er him of har noflik fielt yn it thúshûs. Sa folgje wy de bern yn harren wolbefinen en kinne wy eventuele knyppunten sinjlearje.

Begelieding, ferfolchstappen

Mocht nei in twadde observaasje de efterstân noch altyd oan 'e oarder wêze en is der in sterker, alarmearjender sinjaal, dan folgje fierdere stappen. De liedster fan thúshûs It Boefke sil de aard fan dy efterstân yn kaart bringe om it bern dêrnei op passende wize begeliede te kinnen. Dat kin, ôfhinklik fan 'e aard fan 'e problematyk, mei help fan 'e pedagogyske helpmiddels dy't by de observaasjemetoade hearre. Der kin ek yn oerlis mei de pedagooch fan Stichting Thuishuis in passend begeliedingsplan opsteld wurde. Om de goede kar te meitsjen, sil de pedagooch it bern observearje en, mei help fan 'e ûnderfiningen fan 'e liedster, in advys en plan fan oanpak opstelle. It effekt fan ekstra begelieding en soarch wurdt mei it observaasje-ynstrumint evaluatearre. Op basis fan dy konklúzjes wurdt it plan fan oanpak eventueel bysteld.

As der eksterne soarchbegelieding nedich is (trochferwizing bart altyd yn oerlis mei de pedagooch fan Stichting Thuishuis) slút de liedster safolle mooglik oan by de soarch dy't ekstern bean wurdt. As dat mooglik is, is der kontakt mei de eksterne soarchferlieners (lykas bygelyks it konsultaasjeburo, de húsdokter, fysioterapeut, JGZ, logopedy en CJG).

Rol fan 'e âlders

Yn it boppesteande proses wurde de âlders hieltyd belutsen. Der wurde gjin stappen ûndernommen sûnder meiwitten en goedkarring fan 'e âlders. Dat jildt ek foar de oerdrachtsformulieren foar de basisskoalle: yn oerlis mei de âlders wurdt besletten oft der wol of gjin oerdracht plakhawwe sil fan 'e observaasjegegevens fan it bern. Alders wurde aktyf belutsen by de oanpak fan 'e efterstân.

7.7 Twatalige berne-opfang

As bernedeiferbliuw yn Fryslân hawwe wy hast altyd te meitsjen mei in twa- of meartalige situaasje. De bern prate Frysk of Nederlânsk, soms in streektaal of in bûtenlânske taal. In twatalige situaasje is hiel leuk en learsum foar bern. Ut ûndersyk oer de hiele wrâld docht bliken dat in twatalich bern der ienfâldiger mear talen by leart. It befoarderet ek de kognitive ûntwikkeling fan in bern.

Om de foardielen fan meartaligens safolle mooglik te benutten, is it goed om as bernedeiferbliuw neffens in taalbelied te wurkjen.

Omdat bern yn in twatalige omjouwing leare moatte om de talen fan inoar te skieden, is it belangryk dat je as pedagogysk meiwurker konsekwint binne yn je taalgebrûk. Fierder is it belangryk dat der yn 'e foarskoalske perioade in soad omtinken is foar de minderheidstaal, yn ús gefal it Frysk. Frysktalige bern krije sa in bredere basis yn harren memmetaal, wat letter ek wer helpt by de ûntwikkeling fan it Nederlânsk.

Nederlânsktalige bern leare der sa boartsjendewei in twadde taal by.

By bernedeiferbliuw It Boefke wurdt al in soad mei taal dien. It is dan ek in útdaging om dêr noch bewuster mei om te gean. As opfang- en ynstruksjetaal sil Tineke safolle mooglik it Frysk brûke. Yvonne Veerman biedt it Nederlânsk oan. Fierder krijt it Nederlânsk ek in plak yn ôfbeakene aktiviteiten lykas it sjongen, taalspultsjes en yn rollespullen. Eventuele ynfalkrêften en stazjêres wurde belutsen by it twatalige aanbod. By dat trajekt krije wy stipe fan it Sintrum Frysktalige Berne-opfang. Us begeliedster, Janny Posthuma, komt út en troch del mei materialen en tips.